

It lêste teewetter

Heit hie in sutelskou, sa fertelde Jan de Vries. No wie dat destiids hiel gewoan. Mar faaks is it wol goed om dat wat neier ta te ljochtsjen.

Se wennen yn Grou en syn heit wie slachter, Abel de Vries. It fleis waard bûtenút útsutele mei de skou. Roeiend, mar fansels leafst silend, waarden de klanten bûtenút sa fan slachtersguod foarsjoen. Alles gie yndertiid by Grou en omkriten oer it wetter. Grou hat ieuwenlang allinne mar oer it wetter te berikken west. De sompige landerijen om it doarp hinne wiene net begeanber. Grou stiet ek omskreaun as in offisjeel Archipel-doaarp sa as der yn Noard-Nederlân noch twa binne, Giethoorn en Molkwar. Molkwar, doedestiids ek wol it Fenetië fan it Noarden neamd.

Grou bestie dus út ferskate eilantsjes mei trochrinnende wetters. Hast elk koe oer it wetter op syn stee komme. De strjitten yn sa'n doarp hiene eins mar in beheinde funksje en it wiene almeast stegen. Alles gie oer it wetter en elk hie in skou. De timmerbaas, slachter, bakker, dokter, neam mar op. Douwe-kopke sutele syn diggelguod sa út, de molke waard mei de molkskou nei it bûterfabryk fearn en fansels elke boer hie yn dat wetterlân in sylskou. En sneintemoarns sylden der withoefolle nei de tsjerken. De skou mei syn swurden en oanheakke roer koe hast oeral komme. Der hoegde mar in dripkje wetter te stean.

Sjouke-kokhals fertelde dat er mei syn skou ris oer de dauwe fan it wyldlân syld wie fan Geau nei Folkertsleat.

Dêr't safolle fersfier oer it wetter is, dêr't safolle minsken sile, komt it fansels sa dat der op elkoar syld wurdt. Him yn helje! Him foarbliuwe! Der waarden sylwedstriden holden, der kamen regleminten, der kamen aparte klassen. Oant op de dei fan hjoed wurde der wedstriden organisearre foar de GWS-skouwen.

Ut âlde ferslaggen fan dy sylwedstriden komt nei foaren dat der soms alderferskuorrendste fûl syld waard. In start op De Feanhoop sil dyselde Sjouke-kokhals grif lang bybleaun wêze. Troch it stoarmige waar wie de start al in pear kear mei in oere útsteld. De feestkommisje op De Feanhoop wist fan ynnimmen en doe't it dochs noch mar oangean soe, hie de starter ek al ris fiks preaun. It startskot mislearre wat en de hagel fleach by Sjouke troch it túch. Sjouke poerrazend en skelle. Hy krige lykwols fan de starter as kommentaar: 'Do bist dochs al frij wat oertúgd, dat it hindert neat'.

Heit hie dus sa'n sutelskou en as der in needslachting wie yn Wergea op de Hillebuorren dan rekken se dêr mei de skou hinne. Leafst fansels silend, mar as der gjin wyn wie roeiend. No wie der in dwinger tusken Domwier en Naderbuorren tsjin Wergea oan. Dêr waarden de húsketontsjes fan Grou mei de pream hinnefearn en yn it strontgat lege. De strontpream sa't er neamd waard, hie in oanhingmotor en as it dan trof, rekken se mei de skou neist de pream om sa op de motor werom nei Grou te farren. De mannen in pear pûn fleis en klear wie Kees!

It fleis lei dan iepen en bleat yn bakken yn de skou. Underweis, werom nei Grou, waarden de tontsjes oan de oarekant pream sa farrendewei omspield en wer te plak wipt.

Der sil wolris in spotsje yn de skou bedarre wêze, mar gjin minske dy't dêr doe acht op sloech.

Yn de aaisikerstiid giene wy sneintemoarns ier en betiid mei de sutelskou te aaisykjen. Heit, Geart Koopstra en Jaap Jonkman. Altyd deselde ploech. Wy mochten ek mei, Reinder Koopstra en ik. We wiene noch mar fan dy jonges.

Altyd nei romme fjilden. 'We moatte fjild foar de bealch ha' wie altyd Geart Koopstra syn sizzen.

Sa leine wy no yn it Deel efter Akkrum, tichteby de Deelsmûne foar de Haskerfeanpolder. We hiene hjir in bêste loop makke en soene no earst in bakje tee ha. Jaap Jonkman skepte in panne teewetter út it Deel. Neat lekkerder as tee en kofje fan sleatswetter yn de aaisikerstiid, sa bearden de mannen. It wetter wie sa skjin, der mankearre neat oan.

Sa gie it doe ek, elk in stik bôle mei tsiis en in lekker bakje tee. Mar doe't we wer fuort soene, de skou los makke wie en der sa mei de foet wat fan de wâl ôfset waard, kaam ûnder de skou wei in deade hûn boppe driuwen, it hier wie der al ôf.

It hat ús lêste bakje drinken west fan sleatswetter.